

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenen wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38
Nûmer 4, Jannewaris 2024**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID

Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

Wêr bliuwe ús advertearders?

Bêste leden, soenen jimme,
as jimme grutte nije dingen
keapje, oan ús krite tinke
wolle.

Jimme soenen betingje
kinne, dat it bedriuw dan
ek in advertinsje yn ús
kritekrantsje sette moat.
Kosten € 60,= foar in heal
A5, € 30,= foar 1/4 A5.

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**



van Boonstra
Schoenmakers
Gilte

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitschoenen, kijk op

VAN LIER
SINCE 1815

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

Ungelokken yn 'e hûs, minsken tink der om!!

In ûngelok sit yn in lyts hoekje, ek binnendoar. Nearne yn Fryslân giet it sa faak mis as yn 'e gemeente Harns. Op 10.000 ynwenners dogge har dêr jierliks 84 slimme ûngelokken troch fallen foar. Dat tal leit in stik heger as de provinsjale trochsneed fan 71. Dat en mear docht bliken út ûndersyk fan beslist.nl mei gegevens fan it CBS oer sikehûsopnamen en -pasjinten.

It ûndersyk bringt gemeentegewiis yn kaart hoefolle ynwenners oft yn it sikehûs bedarje nei in slim húsluk of falûngelok. Yn Fryslân leit it tal ûngelokken wat heger as op oare plakken yn it lân. De lanlike trochsneed komt nammentlik del op santich ûngelokken op 10.000 ynwenners. It giet ûnder oaren om ferwûningen troch fallen, stjitten of kontakt mei skerp glês of hjitte floeistoffen.

Gemeenten mei de measte slimme ûngelokken

Njonken ynwenners fan Harns komme ek Friezen út oare gemeenten relatyf faak yn it sikehûs telâne nei in ûngelok. De gemeenten mei nei ferhâlding de measte húshâldlike ûngelokken binne:

1. Harns: 84 op 10.000 ynwenners;
2. De Fryske Marren: 78 op 10.000 ynwenners;
3. Eaststellingwerf en Skylge: 77 op 10.000 ynwenners;
4. Súdwest-Fryslân en Weststellingwerf: 76 op 10.000 ynwenners;
5. It Hearrenfean: 75 op 10.000 ynwenners.

Ynwenners fan Skiermûntseach en Flylân lykje it hoedenst te wêzen thús. Hja brochten de ôfrûne jierren gjin besite oan in sikehûs nei in ûngelok yn it húshâlden.

93% húsluke ûngelokken feroarsake troch fal

Yn Nederlân wurde goed njoggen op de tsien slimme ûngelokken yn en om it hûs feroarsake troch in fal. Foaral **65-plussers** rinne in grut risiko: dy binne slachtoffer fan mear as de helte fan alle húshâldlike ûngemakken.

Ferskillen tusken manlju en froulju

Froulju blike oare risiko's te rinnen as manlju. Yn ferhâlding falle dy faker troch stroffeljen of útglieden. By manlju giet it faker mis by it dwaan fan putsjes yn en om 'e hûs hinne. Dy krije faker in ûngelok mei ljedders en stegers (76,7%) en by it wurkjen mei automatysk hânark (83,9%).



AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemiene Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Keninklik Frysk Boun om Utens by de Fryske Krite fan Meppel yn Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen - 0522 491 422. It bestjoer fan it Boun is drok dwaande mei de tarieding fan dizze dei.



hanne sei “Kom mar efkes by my.” Soks wie net by ien kear bleaun en se waarden yntym ... Doe’t it te sjen wie dat Jehanne in berntsje ferwachte, hawwe se it de boer ferteld. Dy waard sa ôfgrysliek lilik dat er in wike lang neat sein hie. Doe’t er wer prate, sei er tsjin Jan: “Do giest nei Amearika. Ik wol dy fan myn libben net wer sjen.” Tsjin Jehanne sei er: “Ik trou mei dy en dyn bern wurdt myn bern.” Sa wie it gien. Hy hat Jan syn reis betelle en him hjitten dat er mar wurk yn Amearika sykje moast. Dêr hie er alderhande baantsjes hân en úteinlik wie er fotograaf by in grutte krante wurden. Mei syn heit en syn broer Klaas hie er nea wer kontakt hân. Wol hie er letter kontakt mei syn jongere suster Antsje socht en holden. Sa wie er te witten kommen dat syn heit yn alle stille mei Jehanne troud wie en dat se in jonkje krige hiene, lytse Wouter. Omke Wouter hie net better witten as dat omke Abe syn heit wie, mar feitlik wie it syn pake. Dat er in oare heit hie, dêr’t er mar ien kear mei praat hie, wie wol apart, mar it die him net safolle, sei er.

Omke Abe hie der net mei omgean kinnen. Dat er mei syn folle jongere húshâldster ‘trouwe moatten’ hie, wie in skande dy’t er net oan koe. Hy hie himsels tekoart dien, wist omke Wouter no. Ik bin bliid dat ús mem dat allegearre net witten hat. Se wie noch mar in famke doe’t him dat op dy pleats yn de bouhoeke ôfspile.

Ynhâld Meidielingelêd:

	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Kriteiis	4
# Kuierje lâns de grins fan Fryslân	5
# Utnûging 17 febrewaris Sjongduo Nanne en Ankie.....	8
# Ut de Boekehoeke	11
# Ferhaal: ‘Hannel’	12
# Ut de Itensiderij	13
# Ferhaal: ‘In aparte âldjersjûn’	14
# Nijs fan it Keninklik Frysk Boun om Utens	15
# Ungelokken in ‘e hûs—minskens tink der om!	17

*De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar **18 febrewaris 2024**.*

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: *Jan Bijkerk*, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: *Jan Koopman*, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: *Luit Dijk*, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: *Yvonne Nederpel*, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: *Annie Noppers*, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: *Jantsje Meijer*, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: *Fetsje Meijer*, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is € 25,= yn’t jier / stipers € 15,= yn’t jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk*.

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: *Albert Postma en Gerrit Kingma*.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden fan de Sékrite,

Foar jimme leit al wer it earste boekje fan it nije jier 2024. Ik hoopje dat jimme noflike krystdagen hân ha en in goed begjin fan it nije jier. Wy moatte mar wer ôfwachtsje wat dit jier ús bringe sil. Ik hoopje yn elts gefal dat jimme in sûn jier krije meie, want sûnens is dochs wol it belangrykste wat je in minske tawinskje moatte.

Oan it ein fan 2023 hawwe wy noch in moaie krystmiddei mei syn allen be- libbe. Sa'n krystmiddei jout altyd in moaie yntime sfear mei it ljocht, de ferskes, ferhalen en gedichtsjes.



Lokkich wiene der dochs noch flink wat leden op de krystmiddei. As je sa om jo hinne de lûden hearre fan oare krite dan is it tige swier foar inkele krite. Hurderwyk bygelyks stoppet der yn maart fan dit jier mei. Wol 80 leden mar gjin bestjoer. Ja, dan hâldt it wol op. Wy sille besykje of der wat âldleden fan Hurderwyk by ús lid wurde wolle. Wy hawwe dat al útsetten by de krite fan Hurderwyk. Ek krite SúdEast Drinte stint der al in pear jier tsjin oan: moatte wy

hawwe der net sa lang wenne, want se waard wer widdo. Doe is se nei Snits ferhuze, want dêr koe se thús naaie foar in grutte moadesaak. Dat wie wat ik wist. Oant dy aparte âldjiersjûn

It is al moai wat jierren lyn, ús mem wie al wei. Us heit, omke Wytse-en-dy en myn man en ik waarden útnûge om by omke Wouter-en-dy it âlde jier út te sitten. Sûnt ús mem siik waard en stoarn wie, wie dat der net mear fan kommen. Op dy jûn fertelde omke Durk fan in telefoantsje. In man dy't himsels, mei in Amerikaansk aksint, foarstelde as famylje fan him, in soan fan de man dêr't syn mem mei trouw west hie. Dy woe graach mei omke Wouter prate. Dat wie oangien en omke fertelde no oan syn neiste famylje wat er fan dy man heard hie.

Dy man, Jan hjitte er, wie de twadde soan fan omke Abe. Doe't syn mem, de earste frou fan omke Abe, stoarn wie, wie er 18 jier. Doe't er mei de hbs klear wie, woe syn heit dat er yn de buorkerij mei helpe soe, krekt as syn âldere broer Klaas. Dy heit wie in fergaderboer. Hy wie it meast fuort en die sels net folle op 'e pleats. De jonges moasten mei in pear arbeiders alles berêde. Dat wie neat foar Jan, dy't leaver wurk die dêr't er de hannen skjin by hâlde koe. Mei syn mem koe er dêroer prate, sy begriep him. It hie dan ek in hiele slach foar him west doe't sy samar stoarn wie. Hy moast yn dy situaasje tegearre mei de faam it húshâldlik wurk dwaan. Doe't syn heit in húshâldster fûn wie, hoegde dat net mear en easke syn heit dat er yn it boerewurk gie. Ekstra dreech wie it dat er net mei syn broer Klaas oerwei koe. Dy wie krekt as syn heit spikerhurd en Jan wie in gevoelige jonge.

Mei dy húshâldster, Jehanne dus, koe Jan ek goed prate. Jûns, as syn heit fuort wie en Klaas al yntiids op bêd gie, siet er faak noch in skoft mei har te praten. Se fielden inoar goed oan. By har koe er syn ferhaal kwyt. Op sa'n jûn wie it ris bard dat de emoasjes slim opspilen. Doe't it syn bêdtiid wie, wie er wol nei boppen gien, mar sliepe koe er net. Hy hie de húshâldster ek nei boppen gean heard en op in stuit hie er by har op 'e doar kloppe. Se hiene noch in skoft praat en Jan waard kâld. Je-

In aparte âldjiersjûn (ferhaal fan Lize Bakker út it Nijs).

Dat beppe Jehanne in dreech libben hân hie, dat wist ik. Beppe Jehanne wie de mem fan ús mem. It moat in kreaze frou west ha, sa te sjen oan de troufoto dy't ús mem fan har hie. Se wie noch mar 26 jier doe't har man, pake Wouter stoar. Wat siet Beppe der raar ta mei twa lytse bern, Eelkje en Wytse. Se moasten ferhúzje, want yn it hûs dat by de pleats hearde dêr't pake arbeider wie, kaam de nije arbeider te wenjen. Se hat in skoftke by har heit en mem yn wenne, mar al gau koe se yn in hierwentsje terjochte. Beppe koe goed naaie en dêr fertsjinne se de kost mei.

Dat hat leau ik net sa hiel lang duorre, want op in kear krige se besite fan in boer dy't krekt widner wurden wie en dy't in húshâldster socht. Hy hie trije bern. De âldste wurke by him op 'e pleats en dan wiene der noch twa. Hy makke in goede yndruk op beppe. Hy buorke op in grutte pleats yn de bouhoeke. Der wie plak genôch, sei er, foar beppe en de beide berntsjes en der wie in faam, dat beppe hoegde it húshâlden net allinne te dwaan. Sa is beppe mei har beide bern yn de bouhoeke belâne. Letter is se mei de boer troud en hawwe se tegearre ek noch in jonkje krige. Dy is nei pake Wouter neamd.

Us mem, Eelkje, is dus yn in grutte húshâlding opgroeid, mar fan de grutte bern fan omke Abe (sa neamden ús mem en omke Wytse beppe har twadde man) hat ús mem net folle ferteld. De kleau tusken dy trije grutten en de trije lytsen wie te grut, tink ik. Beppe en de bern



Oaljekoeken (foto pixabay.com).

trochgean as de saak slute? Jammer dat it sa giet. Wy hawwe op dit stuit noch sa'n 76 leden, mar ek by ús giet it ledetal súntsjes efterút. Mar wy hâlde de moed der yn!!

Sa as jimme op siden 8 en 9 lêze kinne, komme Ankie van der Meer en Nanne Kalma foar ús optreden yn febrewaris. Sy trede geregeld op yn binnen- en bûtenlân. Wy tinke dat dit in hiele moaie middei wurde kin. En it is wer op 'e middei, dus jimme kinne noch by ljocht fan en nei hûs ride.

Jo kinne al merke dat de dagen wer in bytsje lengje en dat de sinne, as dy der by is, al wer wat sterker wurdt. Wy hawwe oant no ta wol wer genôch wetter hân. Ik ha it wetter al in kear út ús tún pompe moatten, de grûn is al hiel fersêde en it wol de grûn net mear yn. Wy sitte tsjin in skeante oan fan de dyk wêrtroch it wetter nei ús tún streamt.

Mar der binne belangrikere dingen yn de wrâld dy't folle slimmer binne: oan 'e râne fan Europa is it oarloch, al hast twa jier yn Oekraïne en sûnt koart ek yn Israel/Palestina. Wa hie tinke kend dat sa'n gekke Rus dit yn syn kop helje soe. Jo sille mar yn de Oekraïne wenje of op dit stuit yn de 'Gaza-strook'. Jo hiele lân wurdt ien grouwe pûnbult en der falle sa folle deaden, it is net te beskriuwen. De brute Russyske oerfal op Oekraïne hat de rop om mear militêre ynset oanboaze: foar 2024 ferheget Nederlân it definsjebudzjet mei 40%! Poetin hat de lêste jierren dúdlik makke wêr't foar him reade linen leine – û.o. by it opnimmen fan Oekraïne yn it westerske ekonomyske en militêre systeem. Dat docht allegearre neat ôf oan de wredens fan de Russyske oerfal op Oekraïne. Mar it kin ús wol oproppe om each te hawwen foar de eangsten en feilichheidsbelangen fan Ruslân. Feiligens kin allinne diel wêze – dat is ek wer in les út 'e konfrontasje fan Hamas en it Israelyske regear.

Lokkich hawwe wy yn Nederlân noch in rêstich bestean, mar ik tink der wol ris oer nei: wat soene jo dwaan as it hjir ek safier komme soe. Jo moatte der net oan tinke!! Mar hoopje, dat wy, ús bern en bernsbarn dit nea belibje sille.

Ik hoopje jimme allegearre te moetsjen op 17 febrewaris yn teäter Posa.

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024

DATUM	WAT KOMT DER?
17 febrewaris 2024	14:30 oere yn POSA Sjongduo Nanne en Ankie
23 maart 2024	20:00 oere yn POSA Teätergroep FJOER mei 'ALLES WENT'

TINK DER OM:

de datum fan april is feroare

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.

Troudatums foar safier it bestjoer se wit:

- Albert en Henny Postma, binne op **17 jannewaris 60 jier** troude.
- Jan en Fetsje Meijer, op **6 maaie 65 jier** troude

Wy meie de adressen fan de leden net yn it boekje sette, mar as jimme in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

UT DE ITENSIEDERIJ**Hutspot mei in Spaansk tintsje**

In stevich wintermiel en in lekkere fariaasje op de Hollânske hutspot.

Yngrediïnten foar 6 persoanen:

- ◆ 1 kg klapstik
- ◆ 500 gr sipels
- ◆ 250 gr woartels
- ◆ 250 gr sprútsjes
- ◆ 100 gr witte beanen
- ◆ 500 gr ierappels
- ◆ 20 swarte piperkerrels
- ◆ 1 bledsje laurier
- ◆ Sâlt
- ◆ 50 gr riezal of olive-oalje



- Doch it fleis yn in panne en jit der safolle wetter op dat it der ûnder stiet.
- Meal de piperkerrels en foegje se mei it sâlt, it laurierblêd en de riezal of de olive-oalje derby.
- Bring dit alles oan de soad en lit it súnstjes yn in pear oeren gear siede. Skyl de ierappels en snij se yn grouwe stikken.
- Meitsje de sprútsjes skjin, skrabje de woartels en snij se yn stikken, skyl de sipels en snij dy ek yn stikken.
- Foegje tsjin de tiid dat it fleis gear is, alle griente ta en sied dy ek mei gear.
- Helje, as alles gear is, it fleis út de panne. Hutselje alle griente goed troch inoar en snij it fleis foar it optsjinjen, yn plakken.
- Jou by dizze hutspot sulversipeltsjes, augurken, moster en smolten bûter.

Yt lekker.

Groet, Yvonne

It kostet neat en foarôf oanmelde is net nedich. Hoe moai is dat!
Jo binne elke lêste tongersdei fan de moanne fan herte wolkom by ús op de Saerдам 143 yn Lelystêd.

Data:

- ◆ 29 febrewaris
- ◆ 28 maart
- ◆ 25 april

Luit Dijk en Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444

Hannel.

Fan 'e wike hiene wy twa jonkjes by de doar mei de fraach: "Wolle jo ek blommen keapje?"

De iene hie in boskje tulpen yn 'e hân, lang – en koartstâllich. Men koe yn it minst net sizze dat it in stiif boeket wie. Earder losjes byinoar skikt. Om mar hurd en gau ja of nee te sizzen, kaam my te bot oan. Ik frege: "Wat jilde se?"

De iene sei fan in dûbeltsje, de oare sei der efteroan "of in stoer".

It waard my wol dúdlik dat se gjin fêststelde prizen hiene en dat it de feintsjes net te dwaan wie om mar in sa grou mooglike winst te heljen. Ik tocht dat in ynstelling as 'de priiswizer' mei dizze hannel al in bedroefd bytsje begjinne koe.

Foar deselde tulpen in stoer of in kwartsje en dat de klant it dan sels noch witte mocht. Folle moaier koe 't al net. Likegoed wie 't my royaal genôch. Byn in hûn op it spek en hy wol it net frette. Sa gyng it my ek en dêr wie 't al sa... Dêr kaam buorman Stevens oan, roppend en bearend: "oerkommelingen dat jimme binne....!!"

De beide blommekeaplju snijden der út, neisitten troch Stevens. De 'hannelers' leine sa'n hûndert meter foar...

Paulus Akkerman 'Wat wie 't wat' (1995)


KUIER LANS DE GRINS FAN FRYSLAN

Dei 3: Fan Fryskepeallen nei Haulerwyk - 3 maaie 2023.

De tredde dei fan myn kuier by de grins fan Fryslân lâns. De reis nei Fryskepeallen is lang. Om goed seis oere bin ik yn de trein stapt. Om healwei achten siet ik yn de bus fan Hearrenfean nei Drachten ta. Dizze bus giet fia smelle diken lâns in soart doarpkes. Ik sjoch de folgjende plaknammebuorden: Terband, Lúnjebert, Tsjallebert, Lúkswâld, Gersleat, De Tynje, NyBeets, Boarnburgum en Drachten. Foar my lizze dy doarpen yn in ûnbekend stikje Fryslân. Ik ha lêzen dat dizze kriter in soad wetteroerlêst hiene neidat it fean fuorthelle wie. It lân stie yn de winter hast altyd blank. Yn Drachten moat ik oerstappe op de bus nei Fryskepeallen. Tafallich ha ik wer deselde sjauffeur. Hy hat my in moai stikje Fryslân sjen litten. Om 9 oere bin ik te plak. De reis gie flot, mar dy duorre dus dochs wol trije oeren. Yn de buorren fan it doarp sjoch ik in boerd mei in kaart. Derop sjoch ik dat der in kuierpaad is dat de grins folget. Dat begjint by de skâns en by grinspeal 14. Hiel moai fyn ik dat, want lâns dy reed steane de grinspeallen 15 en 16. Ik bemerk by my sels dat ik my staidichoan mear foar de grinspeallen begjin to ynteressearjen. As it in bytsje kin, wol ik der in foto fan meitsje.

Doarpsbelang fan Fryskepeallen hat iverre foar de oan-

lis fan dit kuierpaad en ek hawwe sy der foar soarge dat de ferwaarleazge grinspeallen hjir yn âlde steat werom brocht binne. It is hjir in



grut iepen fjild en bist fier fuort fan alle drokte. Lofts, yn Grinslân, binne hiel grutte stikken boulân. Sa fier as't sjen kinst, is it lân krekt ynsiedde mei mais. Rjochts, yn Fryslân, is it fjild grien en binne de stikken lân folle lytser. De reed leit oer in âlde Leidyk. Dy kearde eartiids it wetter op dat fan de hegere grûnen ôfstreamen kaam. Der binne hast gjin greidefûgels yn it fjild. In inkele ljip seach ik mar. De lytse fûgeltsjes binne der wat mear yn de beammen en strûken lâns de reed. De grins leit yn in rjochte line nei De Wilp ta. Mar foarby de peallen 15 en 16 bûcht it paad wer ôf nei de bewenne wrâld ta. Lâns it Langpaad giet myn wei fierder. Oan dit dykje stiet hjir en der in buorkerij of wenhûs. Soms binne der hiel ticht begroeide hiemen. Dan liket it in boskje mar dan sjochst op 't lêst dochs in wentsje tusken it grien stean. It is hjir stil. Ik kom oan by De Wilp. Krekt foar dit doarpke lizze lytse kampkes lân mei beamwallen der om hinne. In moaie smûke omjouwing. De Wilp is ek in Feankoloanje. De namme komt fan de fûgel fan feanen en heide: de Wylp. Hiel lang kaam dit doarpke efteroan. De minsken moasten hjir lang wachtsje op ferhurde diken, lêse ik. It doarp leit krekt op de grins. By it begjin kin ik werom sjen oer it fjild yn de rjochting fan grinspeal 17 en kin ik in skerpe foto meitsje oer in ôfstân fan 500 meter. De peal stiet op it plak wer't in mar west hat. No is der noch in lytse dobbe fan oer. Der lizze ferskate fan sokke dobben yn dizze krite. De namme Waskemarstrjitte dy't ik seach, docht der ek oan tinken. Yn De Wilp rin



UT DE BOEKEHOEKE

Silent Book Club (yn geef Frysk "Stille Boeken Club").



Dizze kear gjin boek besprekking, mar efkes in hiel oar ûnderwerp, wat wol mei boeken te meitsjen hat.

Elkenien kin wol it fenomeen lêsklub of boekenklub.

In groepke minsken dy't by inoar komme om oer itselde lêzen boek te diskutearjen. In pear jierren lyn is der yn Amearika in beweging ûntstien om it oars oan te pakken. De `Silent Book Club` wie berne.

De beweging efter de Silent Book Club is eins hiel ienfâldich.. Jo komme 1 kear yn 'e moanne op in fêst plak by-inoar.

Nim ien boek mei en wy soargje foar kofje en tee. Wy soargje foar in moai plak om yn jo boek te dûken. Mei-inoar mei oare lêzers!

Moetsje en lêzen.

Sjenre of taal? It makket net út. Jo meie alles lêze! Prate oer in boek (of oare dingen) mei, mar hoecht net.

Diel dyn boeketips mei oaren, of hâldt se lekker foar josels. Lear nije minsken kennen en genietsje mei-inoar fan in goed boek.

Koartsein: gjin tradisjonele boekenklub, mar in lêsselskip sûnder ferplichtingen.

Neat moat, alles mei!

Wolle jo in Frysk boek lêze, mar jo witte net hokker, jo kinne by ús út tsientallen boeken kieze en sjen of it wat foar jo is om te lêzen.

14.30 – 15.00 Kom der yn en moetsje oare lêzers of sykje direkt in plakje om te lêzen

15.00 – 16.00 In oere mei-inoar lêze, yn alle rêst, sûnder steurd te wurden

16.00 – 16.30 Lês dat iene haadstik noch efkes út, meitsje in praatsje of gear wer nei hûs

By de krusing stiet Grinspeal 148. Dy jout oan wêr't Drinte en Fryslân einigje of begjinne. It is hjir wol in bysûndere omjouwing. It grutte natuergebiet Mandefjild is tichteby. En hjir is ek it begjin fan in iuwenâlde ferdigeningswâl. Oer in lingte fan 1 km leit der in hege kearsrjochte, mei beammen begroeide wâl troch it fjild. De Landweer. Dy foarmet ek de grins. Dit monumint wie it earste eigendom fan It Fryske Gea. Dy krigen it as in skinking yn besit. Fan Jarich van der Wielen, de man van Allardseach. Ik kin net deun by de grins lâns



kuierje en ik beslút om oan de Drintse kant fan de grins nei Haulerwyk ta te rinnen. It fjild is no wer keal om my hinne. In protte boulân en rjochte sleatten en diken. Soms in lyts boskje. It falt hjir ûnder de gemeente Noardenveld en ik bin net fier fan it doarpke Een ôf. Wer in hiel oare wrâld wer't ik no kuierje. Haulerwyk komt yn it sicht. Krekt foar it doarp is de grins. Ek hjir leit de grins wer lâns in wei dy't Skiedingswei neamd is. Ik sjoch hjir ek wer in grinspeal. Middenyn it doarp is de bushalte. Mei de bus kin ik nei Assen. Ik ha gelok, de bus komt krekt foar healwei fjouweren op it stasjon oan. Dat betsjutet dat ik wer frij reizgje kin. Ik meitsje my tidens it kuierjen nea drok oer tiden want dan soe ik hastich wurde, en sa wol ik net kuierje. Ek dizze dei hie wer in gouden rânstje.

Eabele van der Veen.

ik earst in ein by in karakteristyk feankanaal lâns. Yn de buorren kin ik rjochtsôf en geane ik al gau wer de grins oer. Oan de Fryske kant hjit it hjir Sigerswâlde. Dan gean ik wer mei de grins lofts fierder nei it easten ta. Oer in lange rjochte smelle wei. De Taeyewyk is de namme. It lânskip fyn ik ientoanich. Gjin besletten lânskip, mar grutte stikken greide en net folle beammen. Der binne hjir grutte boerepleatsen. Lâns de wei is in beamwâl en yn de berm sjoch ik no soms wat heide groei-en. Dat tsjut op earne sânige grûn. Grinspeallen steane hjir net mear. Dy binne fuortrekke. Nei inkele kilometers bin ik oankaam yn de buert fan Bakkefean. Dêr leit ek it begjin fan it rivierke de Boarn. Kinst dúdlik sjen dat it fjild der wat wieter is. De wei krúst it wetterke by in keardaam. Boppestreams is it wetter in stik breder dan oan de lije kant fan de daam. In pear hûndert meter fierder kom ik op de Mjumsterwei. Dizze wei leit oan de râne fan it bosk en giet fan Bakkefean nei Allardseach. Ik moat nei it trijeprofiinsjepunt by Allardseach. It rint hjir noflik, der is in protte natoer om my hinne. Alles is fleurich. By in wenpleats mei in ynteressante fûgeltún, sjoch ik de bewenner op it hiem stean. Wy komme oan de praat. It pleatske wie hjir sechstich jier ferlyn de grutste buorkerij yn de omjouwing. Wat in ferskil mei hjoed. De minsken hienen it hjir hiel lang net breed. De aardige man fertelt mei fjoer oer syn apelhûf. Hy kweekt âlde apelryn op. In eintsje fierder is de Skiepskoai fan it Fryske Gea. Dêr rinne in soad skiep op it stikje heide. De Mjumsterwei makket in bocht en feroaret yn de Jarich van der Wielenwei. Jarich van der Wielen hat hjir hûndert jier ferlyn in protte wurk ferset om de earne befolking foarút to helpen. Hy hat de ferneamde Folkshogeskoalle Allardseach oprjochte. Noch altyd in begryp yn Fryslân. Ik bin oankaam by it plak wêr't de trije noardlike provinsjes byinoar komme. Mar dit plak leit yn de tún fan in wente. Dêr stiet peal 25. De lêste fan de rige peallen tusken Grins en Fryslân. Spitich dat ik der gjin foto fan ha. Miskien letter. Wol is der in eintsje fierder in kemping en in restaurant mei de namme 'De Drie Provinciën'.

**It bestjoer fan de krite nûget jimme út foar
in optreden fan
NANNE en ANKIE
op sneon 17 febrewaris 2024 om 14:30 oere
yn teäter Posa - seal iepen om 14 oere
Tagong leden € 12,50/ net-leden € 17,50**

Ankie van der Meer en Nanne Kalma spylje al hiel wat jierren tegearre. Ynearsten yn Irolt, letter yn de groepen Kat yn 't Seil, Liereliet en Kajto.

Mei dizze groepen – en ek tegearre – sjongend yn it Frysk, it Nederlânsk, it Esperanto en ek noch wol yn oare talen, brochten se rom fjirtich albums út op LP en CD en makken en meitsje se regelmjittich konsert-toernees yn it bûtenlân, net allinnich yn Europa, mar ek yn Noard-Amearika, Austraalje en Azië.

Wat de teksten fan harren lieten oanbelanget, Nanne en Ankie beheine harren net en sjonge oer alle soarten fan saken.

Maritime en histoaryske tema's spylje bij har in grutte rol, mar likegoed besjonge se komyske foarfallen út it deistige libben. Ek hâlde se der fan om Fryske poëzij op muzyk te setten.

Yn de rin fan de jierren hawwe se in rige liete-programma's makke mei maritym-histoaryske tema's, bygelyks 'Pieter Poot in de Nieuwe Wereld' oer Pieter Stuyvesant en it programma dêr't se de lêste jierren mei op 'en paad gongen: 'Vuur op de Zuidpunt'.



Yn binnen- en bûtenlân, op grutte en lytse poadia, yn konsertsealen, tsjerken en kroegen, op boaten en op strjitte, op festivals, kofje-konserten en kulturele jûnen, yn de 'liete-workshops' dy't se fersoargje of wêr dan ek mar: oeral en altyd bringe Ankie en Nanne mei humor in programma, taspiest op de situaasje.

At dy situaasje him der ta lient, wurdt it publyk ek wol útnûge om mei te sjongen. Se begeliede harren op ynstruminten as gitaar, mandoline, konsertina en skalmei.